



**IN GEKKEHUS YN 'T SIKEHUS**  
(Een Gekkenhuis in het ziekenhuis)

In klucht yn trije bedriuwen fan:

**WILMA RENES LEERTOUWER**

Fryske Oersetting:

**GURBE DIJKSTRA**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IN GEKKEHUS YN 'T SIKEHUS – EEN GEKKENHUIS IN 'T ZIEKENHUIS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **WILMA RENES-LEERTOUWER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2005 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**  
**Copyright: 2008 © Friese vertaling by Anco Entertainment bv-  
Toneeluitgeverij Vink b.v.**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363  
1800 AJ Alkmaar  
Telefoon 072 - 5112135  
Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)  
Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)  
ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

RINY – haadsuster, float, leeftiid frij.

JANNY – skjinmakster, fleurich, leeftiid frij, mar net al te jong.

ILONA - skjinmakster, type gjin blêd foar de mûle.

ERNST – PAUL – (*EePee*) ferpleger, gefoelige jonge, praat wat as in wiif, leeftiid frij.

BEP – ferpleechster, op leeftiid, rint wat krûm en stadich, praat wat seurderich, net al te snoad.

KUPERUS – pasjint, (*blykt letter de direkteur te wêzen*) net al te jong, saaklik en selsfersekere yn hâlding en praten.

FROU VISSER – pasjinte, leave âlde frou, mei in min gehoar.

COHEN – pasjint, leeftiid frij, earm en skonk yn it gips, ferbân om ‘e holle.

BOUWER – ‘dokter’, leeftiid frij.

Yn it earste bedriuw hat Cohen gjin tekst en soe dêrom salang ferfongen wurde kinne troch in pop.

## EARSTE BEDRIUW

*(at it doek iepengiet sjogge we in rommelige, tsjustere keamer. Hjir en dêr stean keale sikehúsbêden, in âld nachtkastke, in pôt, in stoel, in taffeltsje en twa lege stuollen. Links in rût mei feale, stikkene gerdinen. De ferljochting bestiet út ien of twa TL-buizen. Rjochts fan it midden in doar. Der wurdt in kaai yn it slot stutsen, haadsuster Riny komt op mei de beide skjinmaksters Ilona en Janny)*

RINY: *(docht it ljocht oan)* Kom fierder froulju. Dizze keamer bedoel ik. Us 'royal suite'. Och, och, och... it is noch folle earmoediger as at ik tocht. *(gerdinen iepen)* ...mar it útsicht is prachtich, sille we mar sizze...

JANNY: Wa hat hjir it lêst lein, sis... Wilhelmina?

RINY: It spyt my, mar it is net oars. De noardkant is ticht fanwege de ferbouwing en Earste Help hat belle dat der minstens trije nije pasjinten komme. Alle oare keamers bin fol en ik kin se net op de gong stean litte.

JANNY: Dêr sjocht it der oars better út as hjirre.

RINY: No, opsjitte, de hannen út de mouwen. Jim ha in lyts oere om der in echte sikeseal fan te meitsjen. Leef jim út! *(ôf)*

ILONA: Wat in âlde rotsoai. En dan dy lucht dy't hjir hinget... irrhhh! Sa muf! Moatst es sjen... de skimmel sit op de muorren. Earst mar es luchtsje. Ik hoopje teminsten dat it rût iepen kin?

JANNY: *(wrakselt mei it rût)* No, dat tink ik net. 't Sit sa fêst as in hûs.

ILONA: Gean es oan de kant. *(huft mei de klomp op de sluting en de rânen fan it rût)* Sjesa... frisse lucht. Sa doch ik it by myn achterdoar ek. Pyt seit dat it nijichheid is... it hout wurket noch, seit er. As soe hy witte wat wurkjen is!

JANNY: "It útsicht is prachtich", seit se. Ja, atst fan keale muorren en ôffalkonteners hâldst dan kinst dy hjir mar útleve. Mar in bytsje grien is net te sjen. O wachtsje... no sjoch ik it. We sitte hjir rjocht boppe de keuken. Sjoch dêr hast Klaas.

ILONA: Lit sjen. *(mei syn beiden hingje se út it rût)* Klaas! Joehoe, Klaas - aas... hjirboppe bin wy. *(tsjin Janny)* Lekker ding no, dy Klaas. Moatst dat liif es sjen yn dat strakke kokspak. En dy spierballen! Ach, dan is it thús mar behelpen.

JANNY: En hy hat sa'n lekker kotsje yn dat strakke broekje. *(blaast in hântútsje nei Klaas)* Goeie leave.

ILONA: Hast de boel wer oanbaarne litten, Klaas?... Wat seist?... Oh, gelyk hast. Dat doch ik thús ek altyd.... Ja, okee, do ek! Doeck, snoes.

JANNY: Wat sei er?

ILONA: Hy wie wat oan de lette kant en dêrom hat er de pudding bûten set, dan kuollet it hurder ôf. Doch ik ek altyd. Ik set it op de tafel yn de tún en dan is 't samar ôfkuolle. Giet goed hear... behalve at buorman syn downen los binne.

JANNY: Sille we mar es los, we ha mar in oere.

ILONA: Earst even in peukje roke. Dêr bin 'k wol oan ta. (*stekt in sigaret op*)

JANNY: Do dochst mar, hear. Ik sil oan 'e gong. (*skoot mei stuollen en bêden*) Sjochst wol út, do meist hjir binnen net roke no!

ILONA: Wit ik. Ik hingje wol even út it rût.

JANNY: Atst Klaas mar net fan syn wurk hâldst. Dy sjocht leaver nei dy as nei syn puddinkjes.

ILONA: Tinkst?

JANNY: No, wis en seker! Hy klaait dy mei de eagen út.

ILONA: (*laket*) Jaloersk?

JANNY: Ikke? Hâldt op... ik hie syn mem wêze kinnen.

ILONA: Ja ja... at syn heit mar wollen hie seker? Hy is foar my ek wol wat oan de jonge kant, hear. Hoewol't ik er foar myn leeftiid noch hiel jeugdich útsjoch fansels. En sjen kin gjin kwea. Ik ha myn eagen net foar neat krigen. Dus do tinkst dat Klaas my wol leuk fynt? O, hearlik... Hearlik.

JANNY: Help my no earst mar even, jonge blom, oars bin we noait op tiid klear.

ILONA: Ik kom al. (*goait de peuk it rût út*) Oeps... hast yn Klaas syn puddinkjes. Hoe sille we de bêden delsette? Trije neist elkoar wurdt wol hiel krap, fynst net? Hjir twa en dan dêr noch ien achter de doar?

JANNY: Litte we dat mar dwaan, oars kin der net iens in stoel tusken. Sa, no gau even in wiete lape der oerhinne.

ERNST - PAUL: (*op*) Hallo famkes, hjir bin skjinne lekkens. Sa fan de waskerij.

JANNY: Hee, Ernst – Paul. Soest ús even helpe?

ERNST - PAUL: Even mar hear. It is smoardrok op de ôfdieling. Us earme haad rint hielendal te stressen.

ILONA: Riny? Dy kin wol wat ha hear. Dy is net sa gau oerstjoer.

ERNST - PAUL: Mar it is op 't heden echt in gekkehûs. Trochdat 'Noard' ticht is lizze se hjir hutsjemutsje. Manlju en froulju, âld en jong, alles leit trochelkoar. Earste of twadde klasse, makket gjin ferskil. Moatst de minsken es kleien hearre. 't Is gewoan ferskriklik. En we ha 't smoardrok, want tink mar net dat wy no it personiel fan 'Noard' derby krigen ha. Dy ha se útliend oan de oare lokaasje. Lekker handich! De iennichste dy't se misse koene is Bep. Dy woene se dêr net ha.

JANNY: Bep? Wa is Bep?

ILONA: Do bedoelst Bep de Groot net wol?

ERNST - PAUL: Dy bedoel ik.

ILONA: Hâldt op, dy is doch al jierren mei pinsjoen?

ERNST - PAUL: Echt net. Dy rint hjir noch altyd om hear. No ja, rinne... slofkje komt mear yn de buert. Dat mins is net foarút te baarnen.

JANNY: Bedoelsto Bep fan de Earste Help?

ILONA: Ja! Dy mei dat grize blompot kapsel, dy't altyd dûbeltsjes rint te sykjen. (*docht Bep nei troch oerdreaun krûm te rinnen*)

ERNST - PAUL: Ach leave, se hinget tsjintwurdich sawat mei de noas op 'e grûn. At se ferkâlden is kinst har spoar sa folgje. En se is allang net mear op Earste Help hear. Wolnee jong, dat koe net mear. Tsjin de tiid dat sy ien yn it gips hie, koe er al hast wer rinne. Nee, dy sit al jierren op 'Noard'.

JANNY: Goh.

ERNST - PAUL: Sis famkes, ha we mar ien nachtkastke... foar trije bêden?

JANNY: Mear bin hjir net. Miskien ergens oars op de ôfdieling?

ERNST - PAUL: Op de ôfdieling binne ek net mear. Alles is yn gebrûk.

ILONA: No, dan moatte se mar mei elkoar diele.

JANNY: En dy dêr dan?

ILONA: Dêr stiet noch in krukje en oars..? O, wachtsje, dêr sette we de pôtstoel by. Kleedsje deroer, dan sjochst der neat fan. Bin we dy stoel ek fuort kwyt.

ERNST - PAUL: Lekker fris. "Lizze jo je appelsje hjir mar even del, menear. De buorfrou hat 'm krekt brûkt, dus hy is noch waarm". Hè jakkes!

RINY: (*op*) Bin jim klear? De earste pasjint komt der sa oan.

JANNY: De bêden bin hast klear. Noch even it rût himmelje en de flier dweilje.

RINY: Lit dy ruten mar sitte. Dêr is gjin tiid mear foar. Ernst – Paul, giesto wer nei de ôfdieling? Aachje is siik dus dy komt net. Ik wit sa njonkelytsen net mear hoe't ik de saak draaiende hâlde moat. Ik ha no allinne Raisa en dy noch. No ja, en Bep dan. Mar dat is earder in lêst as in segen.

ERNST - PAUL: Ik bin al fuort. Dach famkes. (*ôf*)

RINY: No toe froulju, oan de slach.

ILONA: Witst dat hjir neat is? Gjinn bel, gjinn soerstof, neat. At er ien de suster roppe wol, kin dat net iens.

RINY: O leave help, dat is wier ek. Potferdoarje! Dy adjunkt ek mei syn moaie praatsjes. "Nim keamer 13 salang mar, Riny. Dy wurdt de lêste tiid doch allinne mar brûkt as opslachromte". De lêste tiid!! Sûnt de twadde weareldoarloch sil er bedoele. Ik sil 'm daliks belje want hjir

ha ik ek gjin oplossing foar. Dy betinkt er sels mar. Opsjitte hear. *(ôf)*  
JANNY: Ik fyn it sa sneu foar Riny. Se docht altyd sa har bêst om de boel draaiende te hâlden, mar it is eins gjin dwaan mear. It is gewoan in âld, útleefd soadsje hjir. Ik bin benijd wannear't se de boel plat goaie.

ILONA: Se sizze dat it hjir ticht giet at de nije lokaasje op Súd klear is. En dat sjit moai op. Ik begryp allinne net dat se "Noard" no earst noch opknappe at se skylk alles ôfbrekke.

JANNY: Se knappe it ek net op. Se wolle allinne foarkomme dat de boel ynsakket. Mear net.

ERNST - PAUL: *(op)* Witte jim wêr't Riny is? Alles rint yn 't hûndert. Raisa is ek noch siik wurden. Bûkgryp! O leave sei. Der ha trije minsken tagelyk op de bel drukt en de pasjint fan Earste Help stiet yn de lift...

JANNY: Gean do mar nei dyn pasjinten, ik sil Riny wol sykje.

ERNST - PAUL: Tanke, skat. *(ôf)*

JANNY: Ik bin der sa wer, Ilona. *(ôf)*

ILONA: Is goed. Tsjonge jonge wat in soadsje. Gelokkich bin de bêden klear dus se kinne lizze. *(Bep komt slofkiend op mei in pasjint op in brankaar)*

BEP: Goeie moarn. Hjir is de pasjint fan Earste Help. Wêr moat dy lizze?

ILONA: Ek goeie moarn. Eh, wat bêd? No, sykje mar út. Alles is noch frij.

BEP: *(tsjin de pasjint)* Wêr wolle jo lizze, menear? By it rût...?

ILONA: Ja, of by it akwalium?

BEP: Ha se hjir in akwarium? Wat leuk. Ik bin gek op fisken. Wêr stiet dat dan?

ILONA: Nee, grapke. Dat freegje se by de Sinees ommers ek altyd. "Waal wilt u zitten? Bij het laam of by het akwalium?"

BEP: Welke Sinees? Is hjir dan ek in ôfdieling foar Sinezen? Bin 'k noch noait west. En is dêr in akwarium?

ILONA: Lit mar sitte. Lis menear mar by it rût.

BEP: *(yn harsels)* Wat leuk, in akwarium. Dat hiene wy op "Noard" net. Sa, hjir is jo bêd. Soene jo sels even oerwippe wolle? Menear? Neffens my wol er net. Seker ien fan de Earste Klasse. Dy bin wend dat alles foar harren dien wurdt.

ILONA: Wat wit leit er leaver op in brankaar...

JANNY: *(op mei Riny)* Ik ha har fûn hear. En se wol dy wat freegje. *(tsjin Bep)* O, hallo, ik bin Janny.

BEP: Hallo, ik bin Bep.

ILONA: Sil ik my dan ek mar even foarstelle? Ik bin Ilona.



BEP: Ik bin Bep.

RINY: Is dit in pasjint fan Earste Help, Bep?

BEP: Neffens my komt er fan de Earste Klasse want hy is te beroerd om sels oer te wippen. (*tsjin Ilona*) En tsjin je prate, ho mar! Dat is harren te min!

RINY: (*pakt de status fan it bêd en lêst*) Dizze man komt fan de OK Bep, en hy hat ekstra morfine hân tsjin de pine. Dy is moai ûnder seil. Litte we 'm mar gau op bêd lizze. Wolle jim my even helpe?

JANNY: Fansels, wat moatte we dwaan?

RINY: It lekken fêst pakke en sa oerskowe. Mar foarsichtich. Dizze man hat fan alles brutsen. No dêr gean we dan. Ien, twa, trije.

BEP: Sa, dy leit. No, menear, at er wat is... hjir is de bel... hee, wêr is de bel?

RINY: Hjir is gjin bel, Bep. En dy man is foarearst wol even fan de wrâld. Gean do mar nei Ernst – Paul, dy kin wol wat help brûke.

BEP: Okee. (*slofket nei de doar, mompelt*) Frjemd, gjin bel, mar wol in akwarium. (*ôf*)

RINY: Harkje es Ilona. Do witst dat Raisa ek siik is? No dan, de direkteur is der net en de adjunkt hat gjin tiid. Ik moast sels mar in oplossing sykje, sei er. 'Dit is de kâns op promoasje, suster. Lit mar es sjen hoe ynventyf at jo binne'. De flapdrol! No hie 'k sa tocht, at jim my no hjoed es wat helpe en krekt dogge as bin jim ferpleechsters. Dan ha ik der twa pear hannen by en miskien dat we it dan rêde. Janny woe wol, do ek hoopje ik?

ILONA: No... eh...

JANNY: Ah, kom op Ilona, dat wurdt laitsjen fanke! Meist es wat oars dwaan as de ruten in sopke jaan. Sa'n lekkere, jonge fint waskje bygelyks. Mei sa'n strak kotsje! En in grutte...

ILONA: Oh nee... ik wol gjinien waskje! En al hielendal gjin keardels! Ik ha myn eigen Pyt sels noch noait wosken. Syn rêch net iens, sil ik seker by in poer frjemde fint wol syn... syn... syn... O, nee! Dêr begjin ik net oan.

RINY: Stil mar. Do hoechst gjinien te waskjen. Dat docht Ernst – Paul wol. Dy is gek op kotsjewaskjen.

ILONA: En ik jou ek gjin spuiten.

RINY: Nee je, fansels net. Dat doch ik sels wol.

ILONA: En ik doch ek neat mei bloed want dan gean ik sa fan myn stokje.

RINY: Dan stjoere we Bep wol op it bloed ôf. Dy fynt dat hearlik. Dat is krekt in fampier, wat mear bloed wat leaver.

ILONA: Oh...

JANNY: Wat meie we dan wol dwaan?

RINY: Der bin noch genôch oare dingen. Iten bylâns bringe, pillen útdiele, temperatuer opnimme...

ILONA: Ik stopje ek gjin termometer yn...

RINY: ...yn it ear, Ilona!

ILONA: Oh...

RINY: It kin wêze dat ien fan jim even meirinne moat at dokter syn rûntsje docht. Mar dat is gewoan in kwestje fan goed harkje en oantekeningen meitsje. Dy wurkje ik dan letter wol út. It wiist 'm fansels. No, wat sizze jim derfan?

JANNY: It liket my wol leuk.

ILONA: No toe dan mar. Mar allinne om dy te helpen, net omdat ik it leuk fyn.

RINY: Do bist in skat. Kom mar mei, dan sil ik jim in unifoarm jaan. Mar tink derom, tsjin gjinien sizze dat jim gjin echte ferpleechsters binne. Dan krije we grutte problemen. Ik ha mei Ernst – Paul ôfptraat dat er hjir wat minsken hinne bringt dy't net al te siik binne, de slimste gefallen bliuwe dan gewoan op de ôfdieling. Dêr is alle apparatuer foarhannen. Litte wy mar opsjitte, foardat ien jim yn dizze klean sjocht. (*alletrije ôf*)

ERNST - PAUL: (*op mei in pasjint yn in rolstoel*) Sa, sjoch es, menear Kuperus, we bin der al. Ha jo noch winsken wat jo plakje oangiet? Gesellich yn it midden, of miskien mei wat mear privacy hjir neist de doar? Jo sizze it mar.

KUPERUS: Mar... wat is dit? Wurdt dit myn keamer! It liket wol in âld loads. Hjir wol ik net lizze!

ERNST - PAUL: It sil moatte, Kuperus, we ha op 't stuit net oars. Komt troch de ferbouwing. Earste of Twadde Klasse is der even net. We moatte roeie mei de riemen dy't we ha. It is hjir wier wol gesellich, hear. No, welk bêd wurdt it?

KUPERUS: Ik wol werom nei myn eigen keamer. Dêr lei ik goed.

ERNST - PAUL: Dat kin even net, Kuperus.

KUPERUS: Dan wol ik by it rût lizze.

ERNST - PAUL: Dat plakje is spitigernôch al fersein. Sil ik jo hjir mar dellizze?

KUPERUS: Ik wol by it rût en net oars. Dy't dêr no leit sliept neffens my. Dy kinst wol ergens oars dellizze sûnder dat er it fernimt. Ik wol dêr lizze. En tink derom: ik bin absolút net tefreden oer de klantefreonlikens hjirre, en at it sa trochgiet sil ik myn beklach dwaan by de direksje. En dan kin dyn wurk hjirre wol es yn gefaar komme.

ERNST - PAUL: Okee, okee... kalm oan mar. Ik sil sjen wat ik foar jo dwaan kin. Ien amerij graach... (*nei de doar*) Hûn! (*ôf*)

KUPERUS: Sa, dy ha 'k es even lekker switte litten. Hu, wat tinkt er wol.

Dat ik, Eduard Kuperus de fjirde, my samar ergens weimoffelje lit? Nee, dan ha er de ferkearde foar. Ik bin in ferrekt lestige pasjint! Hy sil mei in better alternatyf komme moatte oars... ha ha ha, ik stjoer sa de direkteur op 'm ôf.

BEP: (*op, yn harsels*) Se witte hjir ek net wat se wolle. Menear A nei B, menear B nei C... Mefrou dy en dy dêrhinne... "Ik set se wol klear Bep, bringsto se even fuort?". Ik bin gjin ferhuzer. O, hjir hast wer ien! (*tsjin de pasjint*) Goeie moarn, menear, kom mar mei, dan sykje we in moai plakje foar jo.

KUPERUS: Dat ha jo fluch regele, suster.

BEP: Mar ik bin ek fluch. Dat moat wol at je yn de ferpleging sitte. Fluch en akkuraat. No, dat kinne se wol oan my oerlitte.

KUPERUS: En at Eduard Kuperus de fjirde wat wol, dan krijt er it ek. Dat kinst wol oan my oerlitte. No, foarút mei de geit!

BEP: Hâldt je fêst. Dêr gean we! (*ôf mei de rolstoel*)

JANNY: (*op, hat in pasjinte by de earm, praat lûd*) Giet it noch , frou Visser? We bin der hast.

FROU VISSER: Wat seist, bern?

JANNY: Oft it noch giet?

FROU VISSER: Do moattst wat lûder prate, bern. Ik bin sa goed as doof.

JANNY: (*wiist*) Hjir is jo bêd.

ERNST - PAUL: (*op*) 't Is slagge, Kuperus... Hee, wêr is Kuperus bleaun?

JANNY: Wa?

ERNST - PAUL: Kuperus! Ik ha 'm hjir krekt delset.

JANNY: Is dat 'm net?

ERNST - PAUL: Nee. Dat is Cohen, dy komt fan de OK. Kuperus sit yn in rolstoel. Ik ha 'm hjir krekt delset en no is er fuort.

JANNY: Stie er wol op 'e rem?

ERNST - PAUL: Nee, mar... ja hallo! Wy bin hjir net yn de bergen, wol?

JANNY: Miskien is er nei 't húske.

ERNST - PAUL: Dat docht Kuperus net sels. Dêr lit er ús foar opdrave. Pasjint Earste Klasse, sjoch...

JANNY: Ja, dêr ha 'k mear oer heard. Dy skine nochal berucht te wêzen.

ERNST - PAUL: At er nei 't húske moatten hie, dan hie er wol belle.

JANNY: Mar der is hjir ommers gjin bel?

ERNST - PAUL: Ferhip. No'tst it seist. Och heden, dan sil ik 'm mar gau sykje. It is nochal in opljeppen mantsje en hy skynt goed mei de direkteur te kinnen. Hy drige niis al dat er syn beklach dwaan soe by de direksje. En dat kinne we der no net by ha.

JANNY: Nee, no net nee. At dy Ilona en my hjir sjogge, sit Riny goed

yn de penaarje. Gean mar gau.

ERNST - PAUL: Okido... Ik flean al. (*ôf*)

FROU VISSER: Sis, leave bern, mei ik dêr net by it rût lizze? Ik hear net sa folle dus in gesprek kin ik doch faak net neikomme. Dan fyn ik it noflik om by 't rût te lizzen dan kin ik teminsten noch wat sjen. Op dy oare keamer lei 'k ek by 't rût.

JANNY: Mar, dêr leit al ien.

FROU VISSER: Ach toe...

JANNY: Och wêrom ek net. Dizze man is noch altyd ûnder seil. (*gebeart wylst se praat*) Ik ruilje de bêden wol om. Gean jo mar even sitten. (*mei it taffeltsje en de stuoltsjes is in sitsje makke, foar op toaniel. Der lizze ek wat tiidskriften*)

FROU VISSER: Dat is hiel leaf fan dy, bern.

ILONA: (*op*) Hee Jantsje. Giet it goed? (*tsjin Frou Visser*) Goeie moarn.

FROU VISSER: Lûder prate. Ik bin doof.

ILONA: O sorry, dat wist ik net. (*lûd*) Goeie, ik bin Ilona.

FROU VISSER: Ik bin frou Visser. Mar do meist ek wol Aly sizze, hear.

ILONA: (*laket*) O... okee.

JANNY: Ilona help es even. Dizze beide bêden moatte omwiksele wurde. Frou Visser wol graach by 't rût lizze.

ILONA: Is dy fint no noch net by kennis?

JANNY: Tink it net. Hy leit noch krekt sa't we 'm dellein ha.

ILONA: 't Liket wol in mummy.

JANNY: Kensto dy mop fan dy mummy?

ILONA: (*gnysket*) Ja, lekker yngewikkeld hin? No stjoere mar. (*al pratend ferwikselje se de bêden*) Ik kaam Ernst – Paul tsjin op de gong. Dy is yn alle staten... hy is in pasjint kwyt.

JANNY: Ja, wit ik, Kuperus. Hy hie 'm hjir delset en doe't er werom kaam wie er fuort.

ILONA: Earme EePee.

JANNY: Kom mar frou Visser. (*helpt har*)

ILONA: (*hinget út it rût*) Klaas! Joehoe... Klaas! Alles goed?

JANNY: Hee muts, doch dat rût ticht. Frou Visser hat allinne in nachtijk oan. Aansen is se siik.

ILONA: Wat is se no dan?

JANNY: Sjit no mar op, do witst bêst wat ik bedoel.

ILONA: Okee. (*tsjin Klaas*) Doe, snoes.

JANNY: Lizze jo goed, frou Visser? Ik sil jo sa in kopke kofje bringe. Of ha jo leaver tee?

FROU VISSER: Wat seist?

JANNY: Kofje of tee?

FROU VISSER: Kofje graach.

JANNY: Ik bring it sa, goed?

FROU VISSER: Ja hear, bern. Tanke. (*lêst yn in tiidskrift*)

JANNY: We sille earst es sjen oft Ernst – Paul syn pasjint al fûn hat, oars moatte wy him mar even helpe te sykjen. Dy fint is in freon fan de direkteur en hat blykber al drige om dy der by te heljen. Dat moatte we fansels net ha.

ILONA: Helje do mar kofje foar frou Visser, dan help ik EePee wol.

JANNY: Okee, mar at jim ‘m net fine kinne moatst my roppe.

ILONA: Komt wol goed. Oant aansen. (*ôf*)

JANNY: Wat in skat is dy frou Visser doch, moatst es sjen hoe’t se sit te genietsjen. Sa’n maklik minske. (*ôf. Op ‘e gong*) Oeps, sorry.

KUPERUS: (*op ‘e gong*) Sjoch út dyn doppen! (*op*) Dat persoaniel fan tsjintwurdich! Sjocht nergens mear nei, se rinne dy sawat fan de sokken.

ERNST - PAUL: (*op*) It gong gelokkich noch krekt goed, Kuperus.

KUPERUS: Mar... wol potferjandoarje. No sit ik wer yn dy boukeet. Is dit in grap, jongkeardel?

ERNST - PAUL: Eh... nee Kuperus, dit is doch echt jo nije keamer. Dy suster fan sakrekt hie ‘t in bytsje ferkeard begrepen.

KUPERUS: Se hat my sawat it hiele sikehûs trochkarke. Wol tweintich keamers bin we yn en út west, en doe liet se my samar ergens stean. En úteinlik kom ik dan hjir wer telâne! En dat neamsto dat ‘in bytsje ferkeard begrepen?’. Dat mins is dúdlik it paad bjuster. Letterlik en figuerlik.

ERNST - PAUL: No sjoch, it sit sa...

KUPERUS: En no leit der ferdoarje ien op myn plak. Dit pik ik net! Helje dyn baas! Dan sil ik myn beklach dwaan oer dy binde hjir.

ERNST - PAUL: Asjebileaft, Kuperus, jou my noch ien minút. Ik beloof jo dat alles ynoarder komt.

KUPERUS: Humpf... dat is dy geraden ek. Dit is dyn lêste kâns. En soargje der foar dat dy slofkjende teemûtse út myn buert bliuwt.

ERNST - PAUL: Is goed. Ien minútsje... ik bin der sa wer. (*ôf*)

KUPERUS: En ek gjin sekonde langer, begrepen! Eduard Kuperus de fjirde lit net mei ‘m spotte.

ILONA: (*op*) Oh gelokkich, dat sil ‘m wêze. Kuperus?

KUPERUS: Ja.


ILONA: Moai, jo moast ik krekt ha. Gean jo mei? (*fluch mei de rolstoel nei de doar en ôf wylst Kuperus ropt*)

KUPERUS: Hee wachtsje, wat sil dit? Ho sis ik... (*it toaniel is even leech, dan komt EePee yn opwining de keamer ynfleanen*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**